



Jiertal / saaknûmer: 2026-078162

AMENDEMINT

Art. 47 RfO

Agindapunt: 5 (Untwerp VVGB wurknimmersferbliuwsgebouwen Ljussens)

Underwerp: **Binnen it bouflak**

De ried fan de gemeente Noardeast-Fryslân yn gearkomste byinoar op 21 maaie 2026 beslút it foarstelde riedsbeslút as folget oan te foljen:

“De ontwerpverklaring van geen bedenkingen voor twee werknemersverblijfsgebouwen met 28 slaapplekken aan de Dyksterwei 2 in Ljussens af te geven, onder de voorwaarde dat bij een actualisatie van het omgevingsplan voor de locatie Dyksterwei 2 in Ljussens de werknemersverblijfsgebouwen binnen het bouwvlak worden opgenomen. De gemeenteraad is daarbij bevoegd om zowel de omvang als de begrenzing van het bouwvlak vast te stellen.”

Taljochting:

- Yn de romtlike ûnderbouwing wurdt eksplisyt oanjûn dat de wurknimmersferbliuwen foar in part bûten it besteande bouflak projektarre binne.
- De ried is fan betinken dat tydlike hûsfesting fan seizoenarbeiders yn prinsipe keppele wurde moat oan besteande erfstrukturen en sa folle mooglik binnen it besteande agraryske bouflak plakfine moat.
- It útwreidzjen fan it bouflak foar hûsfesting fan 28 arbeiders kin liede ta in grutter romtlik beslach yn it iepen bûtengebied en kin presedintwurking hawwe foar ferlykbere oanfragen yn de takomst.
- De ried achtet it fan belang dat de kearnkwaliteiten fan it bûtengebied, lykas rêst, romte, iepenheid en lânskiplike kwaliteit, safolle mooglik beholden bliuwe.
- Ut de stikjes en it lânskiplike ynpassingsplan blykt dat der sprake is fan in nije romtlike situaasje mei nije bebouwing oan de râne fan it besteande erf.
- De ried is fan betinken dat by in takomstige aktualisaasje fan it omjouwingsplan in yntegrale planologyske ôfweging makke wurde moat oer:
 - de krechte begrinzing fan it bouflak;
 - de omfang fan it bouflak;
 - de romtlike ynpassing fan de wurknimmersferbliuwen.
- De ried wol dêrom fêstlizze dat by in eventuele opname fan de wurknimmersferbliuwen yn it omjouwingsplan de gemeenteried sels de begrinzing en omfang fan it bouflak fêststelt.
- Hjirmei wurdt de romtlike en juridyske stjoering troch de ried fersterke en wurdt foarkommen dat automatysk ekstra boumooglikheden yn it bûtengebied ûntsteane.

Yntsjinne troch: J. Andringa (FNP), PvdA

Stimming	Foar: FNP, PvdA, VVD, LNF, GB, CU, CDA, S!N (25)	Tsjin: BBB (2)
Amendemint oannaam		

Sa besletten troch de ried fan de gemeente Noardeast-Fryslân yn syn iepenbiere gearkomste fan 21 maaie 2026.

De ried niisneamd,
de griffier,

de foarsitter,

mr. S.K. Dijkstra

mr. J.G. Kramer